

## PARSEBERJOCHT

Nûmer: 125 HZ

Datum: 6 septimber 2022

### Meldpunt Fryske Taal foarsjocht yn ferlet

**Friezen binne en bliuwe skerp op it brûken fan it Frysk troch allerhanne ynstânsjes. Dat docht bliken út de opbringst fan it Meldpunt Fryske Taal fan de provinsje Fryslân. Yn de ôfrûne twa jier kamen der 52 meldingen binnen fan net of ferkeard brûken fan it Frysk yn ferskate uteringen. Sa ferskynden de donorfolder en de corona-ynformaasjefolder fan it Ryk yn ferskate talen, útsein it Frysk.**

It Meldpunt Fryske Taal gie yn maaie 2020 fan start. Friezen dy 't fan betinken binne dat ynformaasje fan oerheden ûnterjochte net yn it Frysk beskikber is, of dat sy behindere wurde yn it brûken fan it Frysk op plakken dêr 't se Frysk prate kinne soene, kinne dêr melding fan dwaan.

De measte meldingen dy 't binnenkomme, geane oer it net brûken fan it Frysk troch oerheidsorganisaasjes. Dat giet om sawol Fryske oerheidsorganisaasjes as de Ryksoerheid. Ek kamen der meardere meldingen oer ferkeard gebrûk fan it Frysk binnen. Inkelde minsken melden dat se fûnen dat der tefolle Frysk brûkt wurdt.

Deputearre Sietske Poepjes is wiis mei de resultaten: "Wy hawwe mear meldingen krigen as dat wy yn it foar ferwachte hiene en dat betsjut dat Friezen harren taal belangryk fine. Dat is goed om te sjen. We kinne ek konkludearje dat we omtinken freegje bliuwe moatte foar in goed gebrûk fan it Frysk en dêr gean we dus ek mei troch. Wis fan it Ryk meie wy ferwachtsje dat se it Frysk brûke: dêr hawwe wy konkrete ôfspraken oer makke yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer."

Fan de 52 meldingen wie de helte algemien fan aard, lykas in kompliment of in fraach oer it Frysk. De oare helte gie oer meldingen oer it Ryk (19%), de media (12%), de provinsje (7%), oare oerheden (6%) en de GGD (6%). De measten dêrfan fregen om in ferfolchaksje. De provinsje socht dêrfoar kontakt mei de oanbelangjende ynstânsjes.

## PERSBERICHT

**Nummer:** 125 HZ

**Datum:** 6 september 2022

### Meldpunt Fryske Taal voorziet in behoefte

**Friezen zijn en blijven scherp op het gebruik van het Fries door allerlei instanties. Dat blijkt uit de opbrengst van het Meldpunt Fryske Taal van de provincie Fryslân. In de afgelopen twee jaar kwamen er 52 meldingen binnen van niet of onjuist gebruik van het Fries in diverse uitingen. Zo verschenen de donorfolder en de corona-informatiefolder van het Rijk in diverse talen, behalve het Fries.**

Het Meldpunt Fryske Taal ging in mei 2020 van start. Friezen die van mening zijn dat informatie van overheden onterecht niet in het Fries beschikbaar is, of dat zij belemmerd worden in het gebruik van het Fries op plekken waar ze Fries zouden moeten kunnen spreken, kunnen daarvan melding doen.

De meeste meldingen die binnenkomen, gaan over het niet gebruiken van het Fries door overheidsorganisaties. Dat betreft zowel Friese overheidsorganisaties als de Rijksoverheid. Ook kwamen er meerdere meldingen over onjuist gebruik van het Fries binnen. Enkele mensen meldden dat ze vonden dat er teveel Fries gebruikt wordt.

Gedeputeerde Sietske Poepjes is blij met de resultaten: “Wij hebben meer meldingen gekregen dat we vooraf hadden verwacht en dat betekent dat Friezen hun taal belangrijk vinden. Dat is goed om te zien. We kunnen ook concluderen dat we aandacht moeten blijven vragen voor een goed gebruik van het Fries en daar gaan we dus ook mee door. Zeker van het Rijk mogen we verwachten dat ze het Fries gebruiken: daar hebben we concrete afspraken over gemaakt in de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.”

Van de 52 meldingen was de helft algemeen van aard, zoals een compliment of een vraag over het Fries. De andere helft betrof meldingen over het Rijk (19%), de media (12%), de provincie (7%), andere overheden (6%) en de GGD (6%). De meeste daarvan vroegen om een vervolgactie. De provincie trad daarvoor in contact met de betreffende instanties.